



Nij perspektyf foar Fryslân

In bysûndere posysje foar Fryslân yn it Keninkryk

5

Plak yn it Keninkryk

De FNP stribbet nei in bysûndere posysje foar Fryslân as autonome provinsje yn it Keninkryk. De Fryske Steaten binne it heechste demokratyske orgaan yn Fryslân en moatte sels beslute kinne oer saken dy't Fryslân oangeane, lykas de gemeenterieden dat op har eigen terrein dogge. Soks freget om aparte wetjouwing; in 'Lex Specialis' foar Fryslân.

10

Binnen Fryslân jilde de Nederlânske wetten oant de Steaten oars beslute. De Steaten krije it foech om eigen wetten te stellen foar de spesifike Fryske sitewaasje.

15

Om Fryslân draaie te litten binne sizzenkip, mar ek eigen finansjele middels nedich. Dêrta wurdt in finansjeel statuut útwurke. It giet der ûnder oaren om in ridlik mar substansjeel part fan de belestingen en fan de ynkomsten út delfstofwinning en enerzjyboarnen yn de regio sels te hâlden.

20

Foech en taken

It autonome foech giet fansels folle fierder as Fryske taal en kultuer. Fryslân moat sels de sizzenkip hawwe oer dy saken dy't beskiedend binne foar de takomst fan Fryslân. Lykas romtlike oardering, regionale ekonomy, mynbousaken en taal, kultuer en ûnderwiis. Der komt yn elts gefal ek romte om taken en foegen binnen Fryslân sels oars en op'e nij te ferdielen mei de gemeenten. It Wetterskipsbestjoer wurdt yntegrearre yn it nije Fryske bestjoer.

25

Ynbêde yn it rjochtsysteem fan de Nederlânske steat moat Fryslân ek (wer) syn eigen plysjeregio en justysjele organen hawwe.

30

By desintralisaasje fan taken moatte foech, noarmstelling en útfiering yn syn hiele hear en fear oerdroegen wurde. De sintrale oerheid sil fertrouwe moatte dat Fryslân en gemeenten der echt sels mei rêde.

35

It giet om reële en foar de minsken werkenbere saken. Generaasjes nei ús, moatte sels kedize kinne oer harren takomst. De FNP wol fuortbouwe op de struktueren en wurkwizen dy't der yn Fryslân sels al binne. Fryslân moat wêr nedich de regy nimme as it om boppegemeentlike sprieding fan foarsjenningen giet. Derby kin ek stjoerd wurde mei Frysk jild.

40

De fierdere ûntwikkeling fan Fryske identiteit, taal en kultuer, ûnderwiis, media en Fryske sporten is gemeente-oerstiigjend en kin dus it bêste sintraal yn Fryslân dellein wurde. Fan in lânsdielbestjoer yn Grins of it regear yn De Haach falt op dit stik fan saken neat te ferwachtsjen. It past by it federale demokratyske útgongspunt dat wy oer dizze saken op eigen hiem it bêste kedize kinne.

45

Romtlike oardering, regionale ekonomy, ferkear en ferfier, wetterbehear, lanlik gebiet, miljeu, mynbousaken, gearwurkingsaginda's en streekaginda's binne foar in grut part ek 'algemien

belang' dat boppe de gemeentegrinzen út giet. Wy wolle op dizze mêden lykas by taal en kultuer redenearje út draachflak wei, wat de mienskip hjir nedich hat, net wat Haachske noarmen en spearpunten foarskriuwe. Der is yn Fryslân ferlet fan in mear regionale opset fan de jeugd- en súnenssoarch.

5

Oangeande de ekonomy lizze der mear kânsen mei mear sizzenkip foar Fryslân. Ekonomytrysk ûndersyk oan autonome regio's yn Europa lit sjen dat dy it better dogge as regio's sûnder eigen foech en middels. De besteande sterke punten fan Fryslân wurde no net optimaal benut om't se net passe yn it Haachske belied.

10

Benammen as it om de mynbousaken giet ûnstiet it byld fan wingewest: wol de lêsten mar net de lusten. Wy wolle de mooglikheid om op basis fan eigen kearnkwaliteiten te kiezen foar in mear duorsume ekonomyske ûntjouwung fan Fryslân sûnder ôfhinklikheid fan fossile brânstoffen.

15

De finansjes

Fryslân moat finansjele autonomy mei in iepen finansjele húshâlding hawwe en beskikke oer tarikkende middels om de eigen taken en foegen út te oefenjen.

20

Dêrta moatte der besteande Nederlânske wetten feroare wurde en is in finansjeel statuut foar Fryslân nedich. As útgongspunt nimme wy dat der foar de minsken gjin ekstra 'Fryske' belesting komt mar dat besteande jildstreamen oars organisearre wurde. Fyskaal moat de operaasje fan herferdieling tusken Den Haag en Ljouwert netto neutraal foar de boarger ferrinne.

25

De grutte overhead fan ministearjes en skaalfergrutte lannelike en regionale oerheidsorganen kinne wy ús besparje. Dêr tsjinoer draacht Fryslân tenei sels de kosten om saken yn Fryslân sels te regeljen. It giet om de finansjele húshâldingen fan de Fryske gemeenten, it nije Fryske bestjoer, it Wetterskip en ferskate útfieringsorganisaasjes meiinoar.

30

Fan de gasopbringsten komt no hast neat werom nei Fryslân. Mei in part fan dy opbringsten, dus net allinnich fergoeding fan skea, hat Fryslân de mooglikheid om it jild oars te ynvestearjen foar de takomst yn stee fan it 'konsumptyf' út te jaan yn de Ryksbegrutting lykas no bart.

35

It grutste part fan de oerheidsynkomsten binne de ynkomstenbelesting, winstbelêsting (vennootschapsbelasting) en BTW. Yn elts gefal foar dizze ynkomsten regelet it finansjeel statuut hokker part yn Fryslân delslacht en wat nei de sintrale oerheid giet om oan de mienskiplike ryksferplichtings te foldwaan.

40

De ferdieling fan Europeesk jild foar regionale ûntwikkeling moat Fryslân tenei streekrijocht mei Brussel regelje.

FNP Wurkgroep 'Takomst fan Fryslân' 31 maaie 2013.